

## De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan

**Philippus H. Breuker**, berne 1939 te Skingen, studearre Nederlânsk en Frysk, wie fan 1976 oant 2001 wittenskiplik (haad)meiwurker foar literatuerskiednis oan 'e Fryske Akademy. Ek bysûnder heechlearaar Fryske taal- en letterkunde oan 'e Universiteit Leien (fan 1986/1989 oant 2001) en gewoan heechlearaar Fryske taal- en letterkunde, yn 't bysûnder yn 'e literatuerskiednis, oan 'e Universiteit van Amsterdam (sûnt 1994/1995). Promovearre yn 1989 oan 'e Vrije Universiteit Amsterdam op *It wurk fan Gysbert Japix* en publisearre fierder oer (Fryske) literatuer en skiednis.

**Piet Hemminga**, berne 1946 te Aldehaske, studearre sosjale wittenskippen oan 'e Ryksuniversiteit te Grins, promovearre yn 2000 oan 'e Universiteit van Amsterdam op *Het beleid inzake unieke regionale talen: een onderzoek naar het beleid en de beeldvorming met betrekking tot een drietal unieke regionale talen: het Fries in Nederland en het Noordfries en Sorbisch in Duitsland*, is bestjoerskundich ûndersiker by de Fryske Akademy.

**Dirk Jan Henstra**, berne 1927 te Enkhuzen, studearre ekonomy oan 'e Ryksuniversiteit te Grins. Wie fan 1967 oant 1977 finansjeel direkteur fan it Kluwer-concern te Dimter en oant 1989 as kroanlid vice-foarsitter fan it Kollleezje fan Bestjoer fan 'e Ryksuniversiteit Grins. Promovearre yn 2000 oan 'e selde universiteit op *The evolution of the money standard in medieval Frisia. A treatise on the history of the systems of money of account in the former Frisia (c.600-c.1500)*. Ein 2010 komt in samling fan syn artikels út ûnder redaksje fan A.T. Popkema.

**Eric Hoekstra**, berne 1960 op It Hearrenfean, studearre Ingelsk en algemiene taalwittenskip oan 'e Ryksuniversiteit te Grins, promovearre yn 1991 oan dyselde universiteit op *Licensing Conditions on Phrase Structure*, wie ferbûn oan it Meertens Instituut te Amsterdam, is sûnt 1999 as taalkundich ûndersiker yn tsjinst fan 'e Fryske Akademy.

**Gerlof D. Homan**, berne 1929 te Appingedam, wennet sûnt 1952 yn 'e Feriene Steaten fan Amearika, studearre skiednis oan 'e University of Kansas te Lawrence (Kansas), promovearre yn 1958 oan 'e University of Kansas, is emearitus heechlearaar skiednis oan 'e Illinois State University te Normal (Illinois).

**Ferenc Postma**, berne 1945 te Grins, studearre teology en Semityske talen oan 'e Vrije Universiteit te Amsterdam, promovearre yn 1995 oan 'e Károli Gáspár Universiteit te Budapest (Hongarije) op *Auf der Suche nach akademischen Drucken von Franeker (1585-1811) in den Spuren der Peregrinatio hungarica*, wurket sûnt 1979 as teolooch en filolooch by de teologyske fakulteit, wurkgroep ynformatika, fan 'e Vrije Universiteit te Amsterdam, is sûnt begjin 1998 ek bûtengewoan heechlearaar oan 'e Károli Gáspár Universiteit te Budapest (teologyske fakulteit).

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)